



# **Geastich**

(Geestig)

Absurde komeedzje in twa bedriuwen

fan

**ROB BODEGRAVEN**

Fryske oersetting fan

**Siep Jorna**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **GEASTICH - GEESTIG** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ROB BODEGRAVEN** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2007 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

**Rinus - Regisseur**

**Iebeltsje – ynstekster**

**Sjoerd - Romke van Abbema Popma**

Hiel âld en al sa'n 30 jier ferstoarn. Komt út in âld adellik laach, dat troch syn hâlden en dragen hielendal ferearme is. Foar gewoane minsken is er net te sjen, allinne syn oerpakesizzer Sylvia kin him wol sjen.

**Geale - Harm Abbema (50)**

Pakesizzer fan Romke. Hat in hiel gewoan baantsje by de gemeente.

**Afke - Metsje Abbema (48)**

Syn frou.

**Ilse - Sylvia Abbema (24)**

Harren dochter. Sylvia is de ienige, dy't Romke sjen kin en mei him prate kin.

**Teake - Piter Abbema (22)**

Harren soan.

**Joke - Gelske Rodenburg (75)**

Buorfrou. Romke hat har as famke kind.

## DEKOR:

Yn it begjin fan it stik is it toaniel in keale keamer. Lofts en rjochts is in doar, yn 'e efterwand in rût en dêr efter in keale muorre. It gehiel makket in keale en rommelige yndruk. Der steane planken, kasten, plastik stuollen, in tafel ensfh., allegearre troch inoar. Hjir en dêr in los gerdyn; der hinget neat oan 'e muorre en der steane gjin planten.

It earste bedriuw bestiet út 5 tafrielen. De tiidsyndieling fan dy tafrielen is:

- 1<sup>ste</sup> Tafriel - Samar in jûn.
- 2<sup>de</sup> Tafriel - Twa wike letter.
- 3<sup>de</sup> Tafriel - Twa wike nei it 2<sup>de</sup> tafriel.
- 4<sup>de</sup> Tafriel - Twa wike nei it 3<sup>de</sup> tafriel.
- 5<sup>de</sup> Tafriel - De generale repetysje.

Yn it twadde bedriuw wurdt de ienakter opfiert.

## EARSTE BEDRIUW

### Earste tafriël

As de ljochten yn 'e seal út geane, bliuwt it in pear tellen stil. Dan komt Sjoerd fan efter út 'e seal, troch it middenpaad, nei foarren rinnen. Hy preuvelemintet wat yn himsels. Hy is gewoan klaait en hat in gongelstôk losjes yn 'e hân. De oare hân hâldt er sa, as hie er in kers fêst. Hy negearet it publyk folslein. Wyls er troch de seal rint, begjint er te praten. Hy praat sa er normaal ek prate soe. Sa no en dan hat er wol efkes de goede bekakte toan te pakken, mar seit dan ynienen wer mear op dan dat er toaniel spilet. It doek bliuwt ticht. Allinne it fuotljocht is oan. Wyls is Rinus, de regisseur, ûngemurken op in reservearre stoel op 'e hoeke fan 'e earste rige, sitten gien.

**Sjoerd:** Sa, no moat ik it hjir mar ris besykje. Faaks ha 'k no wat mear gelok en is dit it hûs fan myn neikommelingen. Potferjanhinnepyk, as ik witten hie, dat it sa'n poepetoer wêze soe, dan wit ik nochal net as ik hjir wol oan begûn wie. No lit my ris sjen... *(ferbettert himsels)* Nee, Romke, dêr mienst neat fan. Do bist net foar neat op siik gongen nei dyn famylje en do joust de saak net samar op. Dan soest my raar ôffalle. En trouwens, do hast wat goed te meitsjen en as dat net bart, dan komst der boppe tink ik net mear yn. *(giet it toaniel op, sjocht om him hinne)* Wêrom... wêrom... eh... *(heakket yn 'e tekst)* Eh, wêrom... hê, fergeemje, ik bin myn tekst kwyt. Eh... it wie wat oer ferhûzjen. *(makket meneuvels om syn tekst werom te finen)* Wêrom binne se... Nee, ik kin der net op komme. Ris sjen, efkes in stikje werom, dan wit ik it faaks wer. *(giet fan it toaniel ôf en rint in pear meter de seal yn, konsintrearret him op syn tekst)* Nee, Romke, dêr mienst neat fan. Do bist net foar neat op 'e siik gongen nei dyn famylje en do joust de saak net samar op. Dan soest my goed ôffalle. En trouwens, do hast wat goed te meitsjen en as dat net bart, dan komst der boppe tink net mear yn. *(Giet it toaniel wer op)* No hjir ris efkes sjen, as ik no it goede adres fûn ha. Wêrom binne se dochs ferhûze? Nee, dat wie yn myn tiid hiel oars, doe koest oan 'e...

**Rinus:** *(fanôf syn plak yn 'e seal)* Do slachst in stik tekst oer Sjoerd.

**Sjoerd:** *(draait him fanôf it toaniel nei Rinus ta)* Ik wit it, mar ik ha in blackout. Ik bin 't kwyt.

**Rinus:** *(stiet op)* Dat ha 'k yn 'e gaten.

**Sjoerd:** Ja, sorry hear. Fanmiddei gie it hiel aardich. Ik wit ek net hoe it kin, mar it sit der gewoan noch net yn.

**Rinus:** *(hat tekstboek yn 'e hân. Is gewoan klaait. Fanút 'e seal tsjin*

*Sjoerd*) Wy wiene miende 'k ôfpraat, datsto jûn dit hiele earste diel, oant de lampekap ta, leare soest.

**Sjoerd:** Ik kin it ek, echt wier. Ik ha tegearre mei Afke de hiele middei sitten te learen. Wy binne sels fierder gien dan dy lampekap sêne.

**Rinus:** Dus do kinst de ein fan dit diel wol?

**Sjoerd:** Ik tink it wol.

**Rinus:** Besykje dan mar troch te gean. Allinne... wachtsje efkes. Do moast wat swierder lynje op dy gongelstôk. Sa asto dy stôk no brûkst, liket it wol as komst fan 'e golfbaan.

**Sjoerd:** Oke.

**Rinus:** Gean dan mar troch by "Ik bin benijd as ik myn famylje noch wol kin", Ja? Dan hast dus Metsje en Gelske al sitten sjoen. Gean mar troch.

**Sjoerd:** (*konsintrearret him*) Ik bin benijd as ik myn famylje noch wol kin. Der binne trouwens minsken yn 'e keamer. Dy soe ik...

**Rinus:** Do hast in kers yn 'e hân, wist noch wol?

**Sjoerd:** Oh, ja... dat is wier ek. (*docht wer as hie er in kers yn 'e hân*)

**Rinus:** Begjin noch mar ris opnij.

**Sjoerd:** Ik bin benijd as ik myn famylje noch wol ken. Der binne trouwens minsken yn 'e keamer. Dy soe ik dus kinne moatte. (*draait him dan skrokken om*) Jasses. Neffens my sit Gelske Rodenburg dêr. No ja, dan geane we mar, we moatte mar sjen hoe as dit ôfrint. It sil my benije. (*hy draait him om. Hy rint it lege toaniel op*)

**Rinus:** No de kers útblaze.

**Sjoerd:** It is ek sa. (*blaast*) Sa en no ha ik wol sin oan in bak kofje. (*pakt syn toanielboekje, dat op 'e tafel leit en sjocht der yn*) No bin ik benijd hokker tekst ik kwyt wie. Ris efkes sjen, oh ja, hjirre. Fansels... dat stik dat er him ôffreget wêrom se net op 'e state wenje bleaun binne en oer de ynrjochting.

**Rinus:** (*is no ek op it toaniel kommen*) Wêrom is der eins noch nimmen. Wy soene dochs om kertier foar achten begjinne te repetearjen?

**Sjoerd:** Se sille sa wol komme. It Tytsjerkster kertierke, moastst tinke. Sil ik ris sjen oft der hjir ek earne kofje is.

**Rinus:** Ja, doch mar. (*set de tafel yn 'e midden en set der stuollen om hinne*)

**Sjoerd:** (*rint nei de doar lofts*) Sil ik daliks ek mar kofje foar de oaren mei nimme.

**Afke:** (*op troch doar lofts, drok laitsjend*) Hallo, dêr wie ik al. Gesellich hin, dat we wer los gean. Ik ha der sa'n sin oan.

**Rinus:** Hoi Afke, wolkom yn dizze binde hjirre. Ja, Sjoerd besykje mar in grutte termoskane te krijen. Dan bliuwt it waarm foar dejinge dy't wat letter binne.

**Sjoerd:** Komt klear. *(lofts ôf)*

**Afke:** *(sjocht om har hinne)* Ja, wat in binde hjirre, sis. Trouwens, wat in aardich stik dat we spylje, Rinus. Foaral dy rol fan Joke. Prachtich, sa'n teapert.

**Rinus:** Dy rol fan Sjoerd is ek hiel aardich. Dêr is hiel wat fan te meitsjen. Krekt wat foar Sjoerd.

**Afke:** Wa spilet eins myn man? Hoe hjit er ek al wer? *(sjocht yn it toanielboekje)* Eh... Harm Abbema?

**Rinus:** Geale! Teminsten, dêr gean ik wol fan út. Hy sit wat krap yn tiid, foar it learen foar syn rol. As er der gjin gat yn seach, dan soe er my skilje. Mar dat hat er net, dat ik gean der fan út, dat er jûn gewoan komt en mei spilet.

**Afke:** It is mar in lytse rol, dat moat dochs wol kinne?

**Geale:** *(op fan lofts, jas oan en toanielboekje yn 'e hân)* No goeie, dêr bin ik al. Ik bin bliid jimme wer te sjen. En Afke, hast al oant learen west?

**Afke:** As't it oer de duvel hast...

**Geale:** Hoesa, de duvel, spilet dy ek mei?

**Afke:** Ik freegje krekt oan Rinus, wa't myn man spylje sil. Asto it net sitten seachst, dan soest Rinus skilje.

**Geale:** Nee, ik rêd it wol. It is net sa'n grutte rol en ik mei no ienris graach toanielspylje.

**Rinus:** Hoi, Geale. Wolkom. Nim in sit, Sjoerd is al om kofje út.

**Geale:** Moai sa. Ilse en Joke komme der ek oan. Dy ha 'k krekt fytsen sjoen, se sille hjir sa wol wêze.

**Rinus:** Dus do tinkst wol genôch tiid te hawwen, om dyn rol te learen en op 'e repetysjes te kommen?

**Geale:** Ja, hear, "no problem". En sa ik krekt al sei, ik soe it foar gjin goud misse wolle. Is 't net sa?

**Afke:** Sis, Sjoerd hellet in termoskanne kofje, mar tinkt er wol oan de kopkes? En sûker en molke? Der stiet hjir hielendal neat mear. Ik sil wol ris efkes sjen. *(stiet op en sil ôf gean, mar dan komme Sjoerd mei de kofje, Ilse mei in stapel plastik bekerkes en Joke mei sûker en molke. Der folget in wiidweidige begroeting; wyls wurdt der kofje ynskonken. Elts hat in eigen toanielboekje by him. As elkenien kofje hat en oan 'e tafel sit, wol Rinus it wurd nimme. Der wurdt drok troch elkoar hinne praat)*

**Rinus:** Minsken, as ik efkes mei. Allegearre wolkom.

**Geale:** Wolst begjinne?

**Rinus:** Jawis! It is al hast acht oere en ik wol jûn noch al wat dwaan.

**Geale:** Mar myn soan is der noch net!

**Joke:** Dyn soan?



**Afke:** Docht dyn soan ek mei?

**Geale:** Hèhè. Nee, fansels net. Dejinge dy't myn soan spilet.

**Joke:** Oh, mar dat soe Teake dochs dwaan?

**Afke:** It sil Teake ek net wêze, ivich en altyd te let.

**Sjoerd:** Hy sil sa wol komme.

**Ilse:** Sille wy mar ris begjinne? Ik woe oars jûn net al te let thús wêze.

**Geale:** Dat kin jûn net, it is de earste repetysjêjûn. It moat net mâlder.  
(*tsjin Ilse*) Drink no earst dyn kofje mar ris op, fanke. Foar datsto dat op hast, sil eltsenien der wol wêze en kinne wy begjinne.

**Afke:** No, Sjoerd en ik binne eins fan 'e middei al begûn.

**Allegearre:** Fan 'e middei? Wêrom dat? Wat no? Hoe dat sa?

**Sjoerd:** No, ik ha noch al in grutte rol en dêrom ha Afke en ik foarút rinnend op de earste repetysje, fan 'e middei mei ús beiden al fêst in stik troch nommen en leard.

**Teake:** (*komt hastich yn, jas oan*) Sorry hear, dat ik te let bin. Ik wie de hûn oan 't útlitten, mar hy kaam mar net werom...

**Allegearre:** Hèhè! Dêr is er al! Moai op tiid, jonge!

**Rinus:** No, Teake, gean mar gau sitten. Krijst fan Sjoerd kofje, en dan sille wy no begjinne. Allegearre wolkom dus. Fanôf hjoed dus eltse wike om kertier foar achten repetysje fan de ienakter "Geastich", dy't wy op (*nimt de útfieringsdatum*) opfiere sille. Jimme hawwe de boekjes allegearre al yn hûs, dat ik nim oan...

**Geale:** Rinus, mei ik efkes wat freegje?

**Rinus:** Ja?

**Geale:** Wêrom wurdt der dit jier eins in ienakter spile? Oars spilen wy dochs altyd in jûnfoljend stik yn twa of trije bedriuwen. Dit is in stik wat mar sa'n krapoan trije kertier duorret. (*laitsjend*) Net dat ik dat no sa erch fyn, hear, no hoe 'k net sa'n lape tekst te learen. Mar ik frege it my dochs ôf.

**Rinus:** Der is gjin spesjale reden foar. Der is gewoan besletten dat wy dit jier in ienakter spyljen gean. Dat sadwaande. Mar ik tink dat wy in hiel aardige ienakter fûn ha.

**Geale:** Oh, ja, wis wol...

**Afke:** Ik fyn it in hiel aardige, foaral dy rol fan Joke is hiel komysk. Doe 't ik it lies, seach ik it al hielendal foar my.

**Rinus:** Ik tink ek dat it in hiel aardige is en dat der wol wat fan makke wurde kin. It is in komeedzje fan Rob Bodegraven en is yn it Frysk oerset troch in Jorna. Foardat wy...

**Sjoerd:** Jorna, Jorna... Dy komt dan grif fan Wytgaard, dêr stikt it fan 'e Jorna's. Ik ha noch kunde dy 't...

**Rinus:** Ja, ho mar Sjoerd, it is wol goed... Foardat we daliks rol lêzen gean, wol ik earst it ien en oar beprate. Yn 't foarste plak sil ik in

repetysje skema meitsje. Dat krije jimme dan nije wike, sadat eltsenien dan wit wat we de kommende tiid dwaan geane. Allegearre mei iens? (*der wurdt ynstimme mompele en ja knikt*) Goed, dan de fraach, wa giet der de kommende wiken noch op fakânsje. Dan kin ik dat yn 't repetysje skema mei nimme, sadat we net te folle tiid ferlern gean litte. (*allegearre stekke hân op en roppe "Ik"*.) Dat hie 'k wol tocht. As elts syn fakânsjes efkes op papier set en dat oan my jout, dan kin ik der rekken mei hâlde. Dan noch wat, wa is fan doel om de kommende wiken siik te wurden, sadat der faaks repetysjes ferfalle moatte... (*Der wurdt lake*) Nimmen dus! Dêr hâld ik jimme oan! Dan stel ik no foar dat we mar begjinne. We lêze jûn gewoan de hiele tekst. As jimme dan takom wike fanatyk oan 't learen geane, dan dogge wy nije wike noch in tekstrepetysje en geane we dernei yn 't dekor repetearen. (*betinkt him*)

**Teake:** Wat wurdt it eins foar in dekor?

**Sjoerd:** Dat hast dochs wol út 'e tekst helje kinnen? In gewoane ienfâldige keamer. Ja no Rinus?

**Rinus:** Ja, krekt... in keamer mei in ienfâldige ynrychting. Twa doarren, (*giet stean en wiist*) ien lofts nei de hal en nei de foardoar en ien rjochts nei de keuken en de sliepkeamers; en in rût lofts yn 'e efterwand. Fierder de bekende meubels dy 't we hjir al stean ha. Hjirre yn 'e efterwand dat kastke, faaks mei de tillefoan der op. En fierder wat oanklaaiing, mar dêr ha wy it letter noch wolris oer.

**Afke:** Wy moatte allinne de boel earst wol efkes goed skjinmeitsje. Moast ris sjen, oeral spinreach en oer 'e flier leit sels noch bloed fan it stik fan twa jier ferlyn.

**Geale:** Oh, jee... dêr ha wy Hinke Himmel wer. Do hast der blykber lêst fan, no, dat is dan krekt in putsje foar dy.

**Afke:** Oh, dat fyn ik hielendal net slim hear, dan doch ik dat wol efkes tuskentroch.

**Joke:** Sis, ha we eins gjin ynstekster? Wêr is lebeltsje? As docht se net mei?

**Rinus:** Jawol, mar lebeltsje kin dizze en nije wike net komme, sy sit mei har wurk. Mar dêrnei is se der by. Wy geane no dochs tekst lêzen, dus dat is net sa slim. Sille we dan mar begjinne?

**Ilse:** Kinne we earst noch krekt in bakje kofje nimme? It is no noch waarm. As is de kofjepot al leech?

**Rinus:** De kofje is op. Aansens yn 't skoft helje we nije. Wy sille no earst begjinne. Sjoerd gean mar los. (*elts pakt it toanielboekje en giet klear sitten*)

**Sjoerd:** Goed. (*Kielskrabbet*) Sa, no moat ik it hjir mar ris besykje. Faaks ha 'k no wat mear gelok en is hjir it hûs fan ús famylje.

Potferjanhinnepyk, as ik dit allegearre witten hie, wit ik nochal net as ik hjir wol oan begûn wie. No lit my ris sjen...

**DOEK**

## Twadde tafriel

*(as it doek iepengiet binne allinne de kasten om harren plak set, mar fierder is it toaniel noch keal en rommelich. Yn 't midden stiet in tafel mei de stuollen der om hinne set. Efter op it toaniel rint Sjoerd hin en wer, it toanielboekje yn 'e hân. Hy oefent syn begjintekst, fluch en toanleas, sa no en dan herhellet er in sin. Soms sjocht er efkes yn it toanielboekje.)*

**Sjoerd:** Sa, no moat ik it hjir mar ris besykje. Faaks ha 'k no wat mear gelok... eh... en is hjir it hûs fan ús famylje. Potferjanhinnepyk, as ik witten hie, dat it sa'n poepetoer wêze soe, dan wit ik nochal net as ik hjir wol oan begûn wie. No lit my ris sjen... Nee, Romke, dêr mienst neat fan... eh, neffens my sit Gelske Rodenburg dêre... Nee, dat is net goed, dat komt aansens pas. *(sjocht yn syn boekje)* Nee, Romke, dêr mienst neat fan. Do bist net foar neat op 'e siik gongen nei dyn famylje en do joust de saak net samar op. Dan soest my raar ôffalle. En trouwens, do hast wat goed te meitsjen en as dat net bart, dan komst der boppe net mear yn. *(de doar lofts giet iepen en Rinus, Geale, Afke en Ilse komme yn. Se dogge harren jassen út, wylst sy Sjoerd begroetsje. Se geane oan 'e tafel sitten.)*

**Rinus:** Sa minsken, sille we daliks mar begjinne? Ik nim oan dat eltsenien al kofje hân hat.

**Allegearre:** Ja, hear. Lekker. Ja, wis!

**Ilse:** Oh, ja... Rinus, Joke koe jûn net komme. Se hat noch besocht om dy te beljen, mar do wiest net thús, alteast de tillefoan waard net opnommen. Doe hat se my mar belle.

**Rinus:** Dan moat immen oars mar efkes de tekst fan Joke lêze. Ik wol hjoed gewoan repetearje. Elts kin syn boekje yn 'e hân hâlde, mar sjoch der sa min mooglik yn

**Sjoerd:** Oke. En begjinne we by it begjin?

**Rinus:** Aansens dogge we it hiele stik, mar ik wol no begjinne mei dat stikje fan dy foto's fan Sylvia.

**Geale:** Op it stuit dat dy foto's op it kastke lizze en dat ik opkom, of dêrfoar al?

**Rinus:** Nee, asto opkomst. Dêr wol ik begjinne en dan trochgean oant 'e ein fan dy sêne, as Joke wer ôfgiet.

**Sjoerd:** Mar Joke is der hjoed ommers net, dan kin se dochs ek net ôfgean?

**Rinus:** Ik lês jûn de rol fan Joke wol, dus ik gean sels ôf.

**Geale:** Dochts wol aardich fan ús, om dyn ôfgong by te wenjen, is 't net sa?

**Rinus:** (*Laket*) Bêst genôch hear, as ik jimme der mei tewille wêze kin, dan wol ik jûn noch wol in pear kear ôfgean. Sille wy dan no mar?

**Afke:** Mar Teake is der noch net.

**Rinus:** Dat binne wy wol went. Begjin mar, hy sil hjir sa wol wêze.

**Ilse:** Stiet dy tafel sa eins wol goed? Neffens my stiet er te fier nei efteren. Je kinne der hast net efter lâns rinne.

**Rinus:** Koest wol ris gelyk ha. Set him mar goed del. (*tafel wurdt fersetten*) Ik sil der foar soargje, dat by de earstkommende repetysje, it toaniel in bytsje mear oanklaaid is en dat alles wat te plak stiet.

**Afke:** Dat liket my skoan ta. It repetearret folle noflikker, as alles fanôf it begjin te plak stiet.

**Rinus:** Dat is ek sa. Ik sil der foar soargje.

**Teake:** (*komt hastich lofts op, docht fluch de jas út*) Sorry hear, dat ik te let bin. Ik koe wier net earder, ik wie de hûn oan 't útlitten, mar hy kaam mar net werom...

**Rinus:** It is al wer sa. Do bist der, dat is it wichtichste. Kinne wy dan no eins begjinne?

**Afke:** No, ik ha nochal in fraach. Dêr ha wy it oant no ta noch net oer hân, mar by it rol learen moat ik der hieltyd oan tinke. Sjoerd is dus ûnsichtber, no?

**Sjoerd:** Nee, ik bin net ûnsichtber, mar Romke wol.

**Afke:** Hè wat flau. No goed, lit my it sa sizze, de rol dy't Sjoerd spilet is net sichtber.

**Ilse:** Ik ha my dat ek al ôffrege. Mar foar it publyk is er dochs net ûnsichtber?

**Rinus:** Nee, fansels net. Mar it is wol sa dat Sjoerd foar de oare spilers ûnsichtber is. En se kinne hin dêrom ek net hearre.

**Afke:** Hoe dogge wy dat dan? Sjoch, hy kin fansels net echt ûnsichtber wêze? Mar hoe geane wy dat dwaan by it spyljen? Ik kin my der noch neat by yntinke.

**Rinus:** Dat sille wy ek hiel goed oefenje moatte. Sjoerd rint gewoan tusken jimme troch en jout syn kommentaar op wat der yn it ferhaal bart. Mar nimmen fan jimme sjocht him of heart wat er seit. Wy moatte dus foaral oefenje, yn 't folslein negearjen fan Sjoerd. Do sjochst net nei him en do reagearrest net op wat as er hieltyd tuskentroch seit. Sa sawat, wurdt er dus ûnsichtber.

**Sjoerd:** Dat is yn 't deistige libben ek sa, Afke. As't troch eltsenien skoudere wurdst, bist ek net sichtber.

**Afke:** Dus we moatte krekt dwaan, as Sjoerd der net is.

**Rinus:** Just. En ek gewoan troch gean mei dyn petear, ek al seit er der wat tuskentroch.

**Afke:** No, it wurdt der net makliker op.

**Rinus:** Dêrom sille wy no ek gau oant repetearjen. Wy begjinne dus op side (x) fuort foardat Harm opkomt, as Piter it oer dy bevingen hat. *(allegearre sykje side (x) op yn harren boekje)* Gelske sit by de tafel, de diggels fan 'e kopkes lizze oer 'e flier. Piter stiet by de tafel en hy begjint mei "Jasses, nee dochs?" Ha jim dat?

**Geale:** Ja, hear... ik kom dêrnei op. Dus dan gean ik no earst mar ôf. *(lofts ôf)*

**Afke:** Ik gean mei, ik hoech noch net op. *(ôf)*

**Ilse:** Ik ek net. *(ôf)*

**Sjoerd:** Rinus, do soest Gelske har rol dochs lêze? Dan moatst wol by de tafel sitten gean.

**Rinus:** It is ek sa. *(docht dat)* Is eltsenien klear? Piter begjin mar.

**Teake:** *(sjocht sa no en dan efkes yn syn tekst)* Jasses, nee dochs. Ierdbevingen komme hjir dochs net foar. En ik ha trouwens neat field. *(stilte, wol 5 sekonden. Teake sjocht nei de doar, sjocht nei Rinus, lûkt oan 'e skouders. Dan lûd.)* En ik ha trouwens neat field.


**Geale:** *(lofts op)* Goeie, dêr bin ik al.

**Rinus:** Nee, Geale. Do kinst no wol sa bliid sizze, "Goeie, dêr bin ik al", mar do moatst sizze, "Hé, hé, einlings thús. Do komst fan 't wurk. Do hast in swiere dei hân. Dan komst thús en dan sjochst dat dûsgerdyn hjir by de tafel sitten, dysto eins net snuven hearre meist. Dan sizze jo net fan "Goeie, dêr bin ik al", nee, dan fersuchttest "Hé, hé, einlings thús."

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**